

Tiidsbestek

skreaun foar de Heiderevu fan 2006

ik kaam dy tsjin by't boartersfjild
wy krigen eachkontakt
en fuort sloech doe de tiid op tilt
'k stie oan de grûn fêstplakt
myn hert hood daliks op mei slaan
ik sykhelle net mear
ik koe der wierlik neat oan dwaan
fersûpte yn dy sfear

Dm	F		
Gm	Dm		
C	F		
Bb	A7		
Eb	Bb7		
Ab	Eb		
Ab	Bb	Cm	G
Eb	E	A7	

foar dy wie't mar in amerij
by my stûke de tiid
ik bleau dy yn dyn eagen sjen
en fieldde my sa bliid
doe kaam de klap en wie it oer
de tiid foel wer tebek
do rûnst wer fierder strak en stoer
en ik waard gûlend gek

foar dy wie it twa tellen lyn
in ivichheid foar my
ik fiel my âld en krom en blyn
ik sjoch noch inkeld dy
en wylsto fleurich fierder rinst
en jong en hip en kein
oan wer in nije tel begjinst
wachtsje ik no op myn ein

Ab	Bb7	Eb
----	-----	----